US WURK LIV (2005), p. 76

[0818] De Parnas: 'dichtwekkend steil voor Neerlands besten'

Poëtikale opfettingen yn it iere wurk fan Cynthia Lenige[1]

Jannie van der Kloet

Summary

The eighteenth-century poetess Cynthia Lenige (1755-1780) has won a certain fame through a posthumously published collection of poems, entitled Mengeldichten *('Miscellaneous poems'). In addition to this a manuscript containing poems of this poetess, ninety-three in total, almost exclusively in Dutch, has come down to us. According to the title of this manuscript Cynthia Lenige wrote these poems between the 14th and 17th year of her life. Investigation of poetological conceptions in these early poems shows that the youthful poetess explicitly participated in the contemporary debate on the use of mythological imagery and the application of linguistic and poetical rules. Both implicit suggestions and explicit statements in her poems make clear that she follows the great seventeenth-century poet Joost van den Vondel in opting for an idealistic kind of poetry: elevated language, mythological imagery and not too strict an application of rules. Although Lenige's father, the Frisian poet Dirk Lenige, and the other members of the poetical society 'Konst voedt 's menschen geluk' in her home-town of Makkum had a practical and conceptual influence on her life as a poet, she herself took up this stimulating environment to give shape to her works. However, due to her premature death at the age of nearly twenty-five years only, Cynthia Lenige never fulfilled the high hopes that contemporary poets had had of her.*

Ynlieding

Yn 1823 neamt P.G. Witsen Geysbeek de Makkumer skriuwster Cynthia Lenige in 'bevallige en uitmuntende Friesche dichteres' en hy giet derfan út dat sy 'eene waardige mededingster' fan har ferneamde tiidgenoate Juliana

1. Dit artikel is basearre op myn doktoraalskripsje, dêr't ik it ûndersyk nei de poëtikale aspekten yn it iere wurk fan Cynthia Lenige yn beskriuw. De skripsje hat as titel: *Zoektocht bij Maanlicht. Over de vroege gedichten van Cynthia Lenige (1755-1780).* Mei tank oan myn skripsjebegeliedster Marijke Meijer Drees.

Cornelia de Lannoy wurden wie as sy tiid fan libjen hân hie.[2] Spitigernôch hat se dy tiid net krigen, want Lenige ferstoar doe't se noch gjin 25 jier âld wie. Witsen Geysbeek basearre syn útspraken op de printe bondel *Mengeldichten*, dy't yn 1782 postúm ferskynde. Der is lykwols noch in oar bondeltsje fersen fan Cynthia Lenige: *Mengeldichten fan Cyntia Lenige Van haar Veertiende tot haar Zeventiende Jaar*.[3]

Oer dat bondeltsje mei meast Nederlânske fersen is net folle bekend, nei alle gedachten ek omdat it noait yn print ferskynd is. In pear kear wurdt der yn in artikel oandacht bestege oan it hânskrift as sadanich of oan (fragminten) fan guon fersen,[4] mar it bliuwt meastentiids tige beheind. In wat wiidweidiger ûndersyk fan dit hânskrift, benammen nei de poëtikale aspekten fan de gedichten, hat in pear opmerklike útkomsten, mar tagelyk ek nije fragen opsmiten. Yn dit artikel wol ik dêr, nei in lytse skets fan it libben fan Cynthia Lenige en in koarte beskriuwing fan it hânskrift, neier op yngean.

Cynthia Lenige, dichteres yn Makkum

Op 6 novimber 1755 waard Cynthia Lenige yn Makkum berne as Kynke Dirks Lenige,[5] âldste dochter fan Dirk Pieters Lenige en Akke Rijmersma. De Leniges hiene noch trije oare bern: Jetske, Piter en Anne. Ut de libbensskets dy't heit Dirk Lenige yn in tal hânskriften skreau,[6] witte wy dat Kynke fanwegen har swakke sûnens thús ûnderwiis krige fan Teake Doitzes, in ûnderwizer (en dichter) dy't yn Makkum in partikulier skoaltsje hie, en fan har heit. Sy lei har, sa skriuwt har heit '[....] op aanraden van Mij met al haar vermoogen op het neederduitsch en zuiverheid der taale toe door het Leezen van Huidekoper en Hoogstraten'.[7] Latyn learde se lykas de measte famkes

2. Witsen Geysbeek 1823, p. 179-182.
3. It hânskrift wurdt bewarre by Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum te Ljouert ûnder sinjatuer Hs 79. De namme 'Cyntia' sûnder 'h' is heechstwierskynlik in ferskriuwing.
4. Sjoch û.o. Wumkes 1927, p. 246-248 en 292-295, Boersma 1954 en Breuker 2000, p. 87-92, 95-99 en 103-104. Breuker besteget nammers wol frij folle oandacht oan de persoan Lenige en har rol yn it dichtgenoatskip 'Konst voedt 's menschen geluk'.
5. De namme Cynthia brûkte se foar har gedichten. Neffens Dirk Lenige betsjut Cynthia 'Maanlicht', wat hy nei alle gedachten ôflaat hat út it feit dat Artemis of Diana (ek wol Cynthia) û.o. de goadin fan de moanne wie.
6. Dy libbensskets is te finen yn de hânskriften Hs 80 en Hs 1203 by Tresoar.
7. Balthasar Huydecoper (1695-1778) en David van Hoogstraten (1658-1724) ha yn resp. *Proeve van Taal- en Dichtkunde* en *Kort begrip der Rederijkkunst* beiden oer de 'zuiverheid der taale' skreaun.

yn har tiid net, wat se sels, sa hat út guon fersen bliken dien, tige spitich fûn.[8] Mar oan it skriuwen fan poëzy waard yn it minniste fermidden fan de Leniges in soad omtinken jûn. Sus Jetske skreau bygelyks ek wolris in gedicht, mar safier't wy witte, is dy dêr net mei trochgien. Kynke die dat wol; sy begûn neffens Hs 79 al hiel jong mei it skriuwen fan poëzy en is dêr oant har iere dea yn 1780 mei trochgien. Mooglik hat it ferskil mei har suster west dat dy har as troude frou wol dwaande hâlde koe mei dichtsjen, mar dat de soarch foar bern en hûshâlden op it earste plak kaam, sa as doedestiids wenst wie. Kynke wie net troud en se hie, sa liket it, ek in eigen keammerke, want heit Dirk Lenige skriuwt dat se 'van haar boekvertrek naar beneeden kwam'. Tiid en sa'n keammerke dêr't je yn alle rêst lêze en skriuwe koene, wiene foar froulju fan grut belang.[9]

Hoe dan ek, Cynthia[10] Lenige is oan har dea ta trochgien mei it skriuwen fan poëzy en har heit hat har dêr safolle mooglik yn stimulearre. Hy hat grif ek dejinge west dy't har yn kontakt brocht hat mei it dichtgenoatskip 'Konst voedt 's menschen geluk' (hjirnei 'Konst').[11] Yn 1771 ferwiist se yn in gedicht al nei dat genoatskip, dat doe nei alle gedachten allinne noch in rûnte fan jierdeisdichters wie. Yn 1773 wurdt se neffens de earder neamde libbensskets lid fan 'Konst' en lykas har heit ha ek de oare dichters fan 'Konst' in stimulâns west by har dichtsjen. Ik sil hjirnei noch op de relaasje tusken Lenige en de dichters fan 'Konst' werom komme.

Fan 1776 ôf hat Lenige kontakt socht mei dichters bûten Makkum en Fryslân, lykas Jan Aukes Backer út Harns en Jan Jordens fan Amsterdam.[12] Ek mei Willem Bilderdijk skynt se kontakt hân te hawwen. Dy kontakten datearje oars fan nei de tiid dat de fersen yn Hs 79 skreaun binne en ik sil dêr yn it ramt fan dit artikel dan ek net fierder op yngean. Har besykjen om ek bûten Fryslân literêre kontakten op te bouwen, jout wol oan dat se de ambysje hie om mei har dichtsjen fierder te kommen. Dy ambysje hat se spiti-

---

8. Yn de bondel *Mengeldichten* skriuwt Lenige bygelyks yn in gedicht foar Jan Jordens dat it har dêrtroch oan stof foar har fersen ûntbrekt en dat se ôfhinklik is fan oersettingen fan oaren (*Mengeldichten,* p. 194-197).
9. Sjoch Schenkeveld-van der Dussen 1997, p. 33-43 en p. 9-10.
10. Lykas Kynke Lenige sels die, sil ik de namme Cynthia brûke as it oer Lenige as dichteres giet.
11. Sjoch foar in beskriuwing fan it ûntstean, de wurkwize en de leden fan dit dichtgenoatskip Breuker 2000.
12. Jan Aukes Backer (1745-foar 1808) wie dichter-keapman yn Harns, Jan Jordens (?-?) yn Amsterdam. Fan de korrespondinsje tusken Lenige en Backer is noch it ien en oar te finen yn Hs 103 by Tresoar.

gernôch net wiermeitsje kinnen: de dysenterygoarre dy't om 1780 hinne yn Makkum omgie, waard har fataal: op 3 oktober 1780 ferstoar se oan dy saneamde 'reade loop'.

Hs 79: Mengeldichten fan Cyntia Lenige Van haar Veertiende tot haar Zeventiende Jaar

It sammelhânskrift Hs 79 is in soarte fan skrift mei in donkerbrún, hurd kaft, dat mei twa fersliten griene lintsjes tichtbûn wurde kin. Op it titelblêd stiet in tekening fan twa frouljusfigueren dy't 'Konst' en 'Vlijt' represintearje en dy't, kreklyk as de spreuk oer it dichtsjen derûnder, fan de hân fan heit Dirk Lenige is. Dan folgje trije saneamde lofdichten of drompeldichten, dêr't de dichteres, lykas wenst yn dy tiid, wiidweidich yn priizge wurdt. Dy lofdichten binne fan Jan Rommertsz,[13] de earder neamde Teake Doitzes[14] en Dirk Lenige.

Dêrnei komme de fersen fan Cynthia Lenige sels, ferdield oer trije ôfdielingen: 'Mengeldichten' (60), 'Verjaargezangen'(30) en 'Bruiloftsgezangen' (3). Der stean mar twa Fryske gedichten yn it hânskrift, ien by de 'Mengeldichten' en ien jierdeisfers foar har bruorke Piter. De hân dêr't de gedichten yn skreaun binne, is meastentiids goed lêsber. De measte fersen binne net datearre, mar sa út en troch stiet der wol in datum yn in titel fan in gedicht. Efteryn is in 'Register der zaaken', in soarte fan ynhâldsopjefte, opnommen.

Oer it ta stân kommen fan it hânskrift kin neat mei wissichheid sein wurde, mar it hat wol eigenskip om oan te nimmen dat Cynthia Lenige har gedichten fan in kladferzje oerskreaun hat yn dit sammelhânskrift. De fersen steane net yn in gronologyske folchoarder en der is ek gjin tematyske oardering.

In fraach op it punt fan it ta stân kommen fan Hs 79 is oft it hjir wol om autografen fan Cynthia Lenige giet. Dirk Lenige skreau ek gedichten yn sammelhânskriften oer, net allinne syn eigen fersen, mar ek wurk fan syn dochter (bygelyks yn Hs 80). Yn Hs 79 en Hs 80 hawwe de koppen fan de bledsiden en fan it 'Register der zaaken' itselde ôfwikende lettertype as dat

---

13. Jan Rommertsz.: Jan Rommertsz Haarsma (1745-1801) wie ek ien fan de dichters fan it Makkumer dichtgenoatskip. Breuker (2000, p. 5 en 17-21) nimt oan dat Rommertsz. de siel fan it genoatskip west hat.
14. Teake Doitzes: Teake Doitzes Meinsma (1737-1802) joech net allinne thús les oan Cynthia Lenige, hy hearde ek ta de kring fan Makkumer jierdeisdichters (Breuker 2000, p. 27).

fan it titelblêd fan Hs 79. Dat titelblêd is yn elts gefal troch Dirk Lenige makke; hat hy dan miskien ek de fersen fan syn dochter yn Hs 79 oerskreaun? Oerflakkige fergeliking fan Hs 79 en Hs 80 lit lykwols dochs in tal ferskillen tusken de beide hannen sjen en ik gean der foarearst dan ek mei Breuker (2000, passim) fan út dat Cynthia Lenige de fersen yn Hs 79 sels opskreaun hat.

Opmerklik is fierder dat der yn it hânskrift in pear gedichten steane dy't datearre binne op augustus 1774 en op 1775, doe't Lenige al achttjin, resp. njoggentjin jier wie, wylst yn 'e titel praat wurdt oer 'tot haar Zeventiende Jaar'. Faaks hat se dy gedichten letter taheakke, faaks ek binne dy data Dirk Lenige ûntkaam by it meitsjen fan it titelblêd.

Poëtikale aspekten en de literêre opfettingen fan Cynthia Lenige[15]

De meast konkrete oanwizingen foar de literêre opfettingen fan in auteur binne út soarte eksplisite poëtikale útspraken yn bygelyks brieven, essays of sokssawat. Fan Cynthia Lenige binne gjin eksplisite útspraken oer it meitsjen fan gedichten yn fers-eksterne teksten bewarre bleaun. De iennichste brûkbere boarne foar in ûndersyk nei mooglike literêre opfettingen fan Lenige yn har iere wurk is dan ek de poëzy sels. Dat hat fansels altyd al as neidiel dat it om *in* ynterpretaasje giet en yn dit gefal wurdt dat nochris fersterke troch it mannichfâldich gebrûk fan byldspraak: Lenige hantearret yn har fersen faak in mytologyske byldspraak mei goaden/ goadinnen, saters, nimfen, ensfh.

Dat makket dy ynterpretaasje fan har literêre opfettingen net ienfâldiger, mar it is wol in ymplisite oanwizing foar har literêre foarkar. It brûken fan mytologyske byldspraak soarge yn Lenige har tiid nammentlik op 'e nij foar diskusje. Op 'e nij, want yn de santjinde ieu spile dy diskusje ek al. Wie it algemiene stânpunt doe dat klassike goaden allegoryen wiene fan natuerlike krêften en eigenskippen dy't dichters brûke koene sûnder yn konflikt te kommen mei harren kristlike útgongspunten, troch dichters as bygelyks Dirk Rafaëlsz. Camphuysen en Joachim Oudaen waard it brûken fan de klassike mytology lykwols op kristlike grûnen ôfwiisd. Sy neamden dy 'valse sier', in kristen ûnweardich.[16] Yn de achttjinde ieu ûntstie oer dy mytologyske beskriuwings wer betizing, no yn it ramt fan de bredere diskusje oer it

15. Foar it begryp 'poëtika' haw ik my basearre op Van den Akker 1985, p. 9-14.
16. Sjoch Frijhoff en Spies 1999, p. 458-459. Nijsgjirrich is yn dit ferbân ek Stronks 1996, p. 261-304.

neifolgingsprinsipe. Dat prinsipe hâlde yn dat de natoer folge wurde moast. Op himsels wie eltsenien it dêr wol oer iens, mar oer de tapassing fan it prinsipe wie men it net iens: moast de klassike literatuer folge wurde of moast de natoer sels bestudearre wurde? Levere it neifolgjen fan literêre modellen moaiere poëzij op om't gjin rekken hâlden hoegde te wurden mei alderhande dichtregels en om't de natoer yn de klassike poëzy moaier wie as yn de achttjinde ieu? Of soe dy imitatio krekt liede ta 'slaefsche, en slechtgepaste navolging, tegen den smaek van zijn landaerd en de gevoelens van zijn tijd'?[17] Cynthia Lenige makket troch it geregeld brûken fan symboalen en figueren út de mytology ymplisyt har stânpunt al dúdlik: sy beskôget de mytology as wêzenlik foar moaie poëzy en folget op dat punt Vondel en oare santjinde-ieuwske dichters en harren idealistyske dichtkeunst. Neffens Vondel moast in dichter 'hemelval' (ferheven taal) en de 'spraeck der Goden' sprekke. Poëzy wie universeel, tiidleas, en neifolging fan klassike dichters wie dan ek needsaaklik om it dichtsjen op in goede wize te learen.[18]

In twadde ymplisite oanwizing dêr't dy literêre foarkar nochris mei ûnderstreke wurdt, is nei foaren kommen út it ûndersyk nei de ûnderskate sjenres dêr't de gedichten yn de ôfdieling 'Mengeldichten' yn pleatst wurde kinne.[19] Op grûn fan de ûnderwerpen fan de fersen binne de folgjende sjenres te ûnderskieden: religieuze fersen (7), moraalfilosofyske fersen (8), natoergedichten (7), satiryske fersen (19), tankfersen (9), oan persoanen opdroegen gedichten (8) en 2 gedichten dy't ferwize nei in aktueel barren en dy't net yn in apart sjenre ûnderbrocht wurde kinne. It grutte oantal satiryske fersen springt der fuortendaliks út: 19, wylst de oare sjenres mar mei 7, 8 of 9 gedichten fertsjintwurdige binne. It opfallende hjirby is dat dy satiryske gedichten foar in grut part wer it al as net brûken fan mytologyske byldspraak as ûnderwerp hawwe en ek skreaun binne yn in ferheven Parnastaal mei in soad fan dy byldspraak. Sa skriuwt se yn in gedicht mei de titel 'Thalia aan Apol over het verwijt aan N.N.' bygelyks:

---

17. Sjoch De Vries 2001, p. 122-125.
18. Sjoch Frijhoff en Spies 1999, p. 545-546. Schenkeveld-van der Dussen skriuwt oer de idealistyske poëtika: 'die meende dat dichters de goddelijke roeping hebben om de mensheid ethische, politieke en religieuze waarheden voor te houden en kende daarom aan dichterschap en poëzie uitzonderlijke waarde toe' (1998, p. 256).
19. Net yn alle gefallen wie de skieding tusken de sjenres like dúdlik. Yn myn skripsje haw ik as dat oan 'e oarder wie, myn kar hieltyd mei arguminten besocht te ûnderbouwen.

Apol, gij eischt van ons dat wij Pa[r]nas verlaten
Duld dat ik u dees Zaak wat nader onderricht
Een Sangster is Helaas met valschen Blaam beticht
'K Vergeef dien Dromer nooit neen 'k wil hem Eeuwig haten[20]

Mei Apollo wurdt yn dit gedicht nei alle gedachten Jan Rommertsz., de earder neamde dichter en sintrale figuer fan it Makkumer dichtgenoatskip bedoeld. Lenige sprekt him oan yn it ramt fan de kwestje fan it al as net ferlitten fan de Parnas oftewol it al as net ophâlden mei dat op de mytology ynspirearre taalgebrûk en se docht dat dus yn mear fan dy satiryske gedichten. Safolle fersen yn it satiryske sjenre en dêrby sa faak de mytologyske beskriuwingen as tema is op 'e nij in ymplisite yndikaasje foar Lenige har stânpunt op dat mêd.

In oar part fan de satiryske fersen hat as tema de taalsuverens, ek in ûnderdiel fan de earder al neamde diskusje oan de ein fan de achttjinde ieu. Dy diskusje beheinde him nammentlik net ta it brûken fan mytologyske symboalen en figueren, mar wie breder en gong werom op de saneamde poëtestriid[21] oan it begjin fan dy ieu. Yn dy striid waard de kwaliteit fan de Nederlânske poëzy troch guon dichters op 't aljemint brocht. Op basis fan de útgongspunten fan it klassisisme wiisden hja net allinnich mytologyske byldspraak en Parnastaal ôf, mar woene hja ek de taal- en dichtkundige regels sekuer folgje. Sy wiene fan betinken dat der fan dy Nederlânske poëzy net folle doogde. Sels Vondel wie neffens harren in dichter dy't wol talint hie, mar it fak noait goed leard hie.[22] Oare dichters seagen Vondel en syn idealistyske dichtkeunst as harren grutte foarbyld. Dy dichters neamden de kritisy fan Vondel en oare grutte santjinde-ieuske dichters 'ellendige prulpoëten'[23] en 'verwaande vitters'. Lenige brûkt yn ferskate satiryske fersen deselde soart beneamingen: yn it gedicht 'Lof der Zotheid' sprekt se fan 'letterfitterij' en yn oare fersen oer 'prulpoëten' en 'letterkloeken'. Dat kin as in ymplisite ôfwizing fan de stânpunten fan de taalsuverders sjoen wurde.

Njonken dizze ymplisite oanwizingen binne der ek eksplisite útspraken fan Lenige oer it brûken fan mytologyske figueren en Parnastaal yn de gedichten te finen. Hjirfoar neamde ik as ymplisite yndikaasje it tal satiryske

20. De sitaten út de gedichten wurde yn de troch Lenige sels brûkte stavering werjûn.
21. Sjoch ek Te Winkel 1973 diel V, p. 90-109 en Van Strien 2003, p.23-25.
22. Sjoch te Winkel 1973 diel V, p. 99 en De Vries 2001, p. 105.
23. 'Prulpoëten' wiene dichters dy't bygelyks ûnregelmjittigens yn it rym by oaren strang feroardielen, mar dy't mei dêrtroch sels tige opdwaanderige fersen mei gâns 'kreupelrym' produsearren.

fersen mei as ûnderwerp de mytologyske byldspraak. Joech ik dêrby as foarbyld fan de typearjende Parnastaal al in tal rigels út it gedicht 'Thalia aan Apol over het verwijt aan N.N.', fierderop yn dat gedicht sprekt Lenige ek nochris eksplisyt út dat har nocht oan dichtsjen hast ferdwûn is troch it fergiftigjen fan de Hippokrene, de boarne op de Helikon dêr't de dichters harren ynspiraasje út helje. Ek út it fers mei as titel 'De Zangberg in gevaar' docht hiel dúdlik bliken dat it ferdwinen fan de mytologyske byldspraak Lenige oan it hert giet. De titel wiist al daliks nei de hjirfoar neamde poëtestriid: de jonge Sieuske dichter Jacob Zeeus (1686-1718) skreau in satirysk gedicht ûnder deselde titel nei oanlieding fan de krityk op Vondel en syn neifolgers en dêr kamen ferskate reaksjes op ûnder soartgelikense titels as 'De Zangberg in oproer', 'De Zangberg buiten gevaar', ensfh.[24] Yn it gedicht sels jout Lenige oan it spitich te finen dat guon dichters 'Apollo's edele kunst' (= de idealistyske dichtkeunst) loslitte:

> Nu de beminnaars die de gunst,
> Voorheen zo vaak van hun [=de muzen] genoten,
> Maar die Apoloos eedle Kunst,
> Door lage loomheid thans om Sunst
> Gevoelloos uit hun Harzens stoten;

en oan de ein sprekt se de hoop út dat de Parnas yn de takomst it plak bliuwt dêr't de bêste dichters fan Nederlân harren ynspiraasje weihelje:

> En dat Parnaszes blijft eerlang
> T dichtwekkend steil voor Neerlands besten

Sokke eksplisite útspraken oer de mytologyske byldspraak yn de satiryske fersen slute oan by wat Lenige ek yn de oare sjenres ymplisyt sjen lit troch har taalgebrûk.

Dat leit wat oars by it twadde tema fan de satiryske fersen, de taalsuverens. Ik wiisde earder op it brûken fan wurden as 'prulpoëten' en 'verwaande vitters' as ymplisite ôfwizing fan it al te sekuer folgjen fan de taal- en dichtkundige regels. Mar Lenige brûkt dy wurden inkeld yn in tal satiryske gedichten en dat makket it lestiger om op dit punt hurde konklúzjes te lûken. Yn satiryske fersen slacht de auteur nammers net allinnich de spot mei immen, mar wurdt de lêzer ek gauris ferrifele. In dúdlik foarbyld dêrfan is de saneamde 'paradoxale laus'. Yn de ferneamde 'Lof der Zotheid' fan Erasmus komt dat goed nei foaren: de 'Zotheid' fertsjinnet yn wêzen gjin earbe-

24. Sjoch Te Winkel 1973, diel V, p. 104-105.

toan, mar somtiden liket it dochs wol as fynt Erasmus dy 'Zotheid' sa healwiis noch net. Je freegje je hieltyd ôf oft de útspraken fan Erasmus no al as net iroanysk bedoeld binne. Lenige skriuwt ek in satirysk gedicht mei de titel 'Lof der Zotheid' en dêryn seit se û.o.:

> Zij [de Zotheid] leest vernoegd de Poeetzij
> En vint zig nimmer Aangedreven
> Om dichters stoot op Stoot te geven
> Zij kent geen Letterfitterij

en oan 'e ein:

> Zij trekt geen fout uit doet of doe
> Noch Critizeert zig Nimmermoe
> Maar laat bij elk het zijne blijven.

Ek by dit fers kinne wy ús ôffreegje oft Lenige de 'Zotheid' gelyk jout en 'letterfitterij' oerdreaun fynt. Of is de 'Zotheid' no krekt healwiis om't se net sa sekuer is? Of liket se inkeld mar healwiis en is Lenige it dus dochs mei har iens? Ik ornearje, ek al om't Lenige grutte foargongers as Vondel en Hooft ferdigenet tsjin de krityk fan de taalsuverders, it lêste: se fynt al dy 'letterfitterij' oerdreaun. Dat liket yn striid mei har wize fan omgean mei rym en fersfoarm, want se skriuwt altyd rymjende gedichten, brûkt gauris it frijwat keunstmjittige sonnet en past meastentiids in dúdlike strofebou ta. Mar dat fêsthâlden oan klassike foarmen past fansels wol wer yn it byld fan de idealistyske poëzy. Yn it ramt fan dit artikel sil ik op dy foarmaspekten net neier yngean, mar myn konklúzje op basis fan oan de iene kant it wurdgebrûk yn de satiryske fersen en de ferdigening fan bekritisearre foargongers en oan de oare kant it dochs fêsthâlden oan de regels foar de foarm, is dat Lenige de taalregels net alhiel ôfwiist, mar wol beswier hat tsjin in al te sekuere tapassing dêrfan. Dat slút ek wol oan by oare neifolgers fan Vondel: foar- en tsjinstanners fan de tapassing fan taal- en dichtregels ferskilden prinsipieel net sa'n soad. Ek Vondel syn neifolgers wiene mei him fan betinken dat allinne de 'Keunst' (de literêre teory en technyk) de dichter ta folsleinens bringe kin of yn Vondels eigen wurden: 'Natuur baert den dichter; de Kunst voedt hem op[25].

It is oars wol opmerklik dat sa'n jonge dichteres as Cynthia Lenige har sa dúdlik mingt yn in diskusje op it mêd fan de poëtika. De earder neamde stimulâns dy't fan har heit en de oare dichters fan 'Konst' útgong, smyt de

25. Van den Vondel 1977, p. 37.

fraach op hokker rol har heit en dy dichters spile ha by it foarmjen fan de literêre opfettingen sa't dy nei foaren komme yn Hs 79.

De rol fan Dirk Lenige en de dichters fan 'Konst voedt 's menschen geluk'[26]

Dat Dirk Lenige yn it praktyske in grutte rol spile hat by it dichterskip fan Cynthia Lenige stiet fêst. Dat begûn fansels al trochdat Dirk Lenige syn bern oantrúnde ta it skriuwen fan gedichten. De praktyske bydrage (titelblêd, ynhâldsopjefte, drompeldicht) dy't hy levere oan Hs 79 sil grif ek in stimulâns west ha. Boppedat skriuwt er, yn de oan it begjin fan dit artikel neamde libbensskets, dat er syn dochter besocht te stimulearjen troch har konkrete foarbylden yn proaza ta bewurking te jaan. Earder haw ik al neamd dat Cynthia Lenige yn Hs 79 ferwiist nei it Makkumer dichtgenoatskip doe't dat noch in rûnte fan jierdeisdichters wie. Dat sil allicht te krijen hân ha mei de aktiviteiten dêryn fan har heit en ek harren gelyktidige oanmelding yn 1773 as lid fan 'Konst' hat nei alle gedachten net tafallich west.

Mar hat de heit ek ynhâldlik ynfloed op har hân? Wat it brûken fan Parnastaal en fan figueren en symboalen út de klassike mytology oanbelanget, kin dat wol oannommen wurde. Ek Dirk Lenige brûkt nammentlik geregeldwei dy mytologysk ynspirearre beskriuwingen. Op 't mêd fan de taalsuverens is dy ynfloed minder dúdlik, lykas har eigen opfettingen op dat punt ek net al te dúdlik nei foaren komme. Wol kin syn oanstean op it lêzen fan Huydecoper en Hoogstraten foar de 'zuiverheid der taale' har belangstelling foar de diskusje dêroer miskien ferklearje en faaks hat dat yndirekt wol meispile by har opfettingen op dat mêd.

De ynfloed fan de oare dichters fan 'Konst' is, lykas dy fan har heit, yn praktysk opsicht wol dúdlik. Sa ferwiist Lenige yn Hs 79 seis kear eksplisyt nei it dichtgenoatskip en se neamt geregeldwei de nammen fan dichters dy't by it genoatskip belutsen binne: njonken de earder neamde Jan Rommertsz. en Teake Doitzes ek H. Menzonides[27] en L. Rienks.[28] Dy dichters hawwe it dichtsjen fan Cynthia Lenige net allinne stimulearre troch har om in fers te

26. Dizze paragraaf is foar in grut part basearre op it boek dêr't Breuker it ûntstean en de ûntjouwing fan it Makkumer dichtgenoatskip yn beskriuwt (Breuker 2000).
27. H. Menzonides: Hajo Menzonides (1755-1795) studearre in tal jierren yn Frjentsjer en wie yn 1773 lid fan 'Konst'. Hy wie in pear jier dûmny en fan 1786 ôf heechlearaar teology en tsjerkeskiednis. Cynthia Lenige hat oant har dea kontakt mei him holden.
28. L. Rienks (yn Hs 79 L.R.): Luitjen Rienks (1739-1800) makke yn 1769 en 1770 diel út fan de rûnte fan jierdeisdichters. Hy wie skilder; Lenige betanket him yn in fers foar de wetterferve dy't se fan him krigen hat.

freegjen, mar ek yndirekt trochdat Lenige der sels kleardernôch ek wolris ferlet fan hie om in fers oan harren op te dragen. Boppedat wize de drompeldichten fan Rommertsz en Doitzes op sa'n stimulearjende funksje.

De fraach is ek no wer oft de stimulearjende funksje fan de dichters fan it genoatskip fierder gong as allinne de stimulâns ta dichtsjen yn it algemien. Waard Lenige troch 'Konst' oanset ta it meitsjen fan in spesifyk soart gedichten? Gedichten oer in bepaald ûnderwerp of yn in bepaald sjenre bygelyks? Hawwe de dichters fan 'Konst' ynfloed hân op Lenige har poëtikale opfettingen?

Wat de behannele ûnderwerpen oanbelanget, docht út Hs 79 dúdlik bliken dat Lenige har net allinne dwaande hâlden hat mei húslike ûnderwerpen of gelegenheidspoëzy. Krektlyk as hyltyd mear froulju yn dy tiid hat se ek gedichten makke oer 'grutte' ûnderwerpen yn bygelyks it religieuze en it moraalfilosofyske sjenre. It liket derop dat de kar fan dy ûnderwerpen mei te tankjen is oan it genoatskip.[29] In tal fersen yn it moraalfilosofyske sjenre is eksplisyt rjochte oan it genoatskip en it is goed mooglik dat it hjirby gong om ûnderwerpen dêr't alle leden in gedicht oer skriuwe moasten. Mar de formulearring '*mei* te tankjen oan' is net tafallich: der binne ek genôch fersen oer net-húslike ûnderwerpen yn Hs 79 sûnder ferwizing nei 'Konst'.

Oft Dirk Lenige en de oare dichters fan 'Konst' kreklyk as Cynthia in soad fersen yn it satiryske sjenre skreaun ha, koe ik yn it ramt fan myn ûndersyk net neigean. Wol rjochtet Lenige har, sa't wy earder al seagen, yn in tal satiryske gedichten mei as tema de mytologyske byldspraak ta guon dichters fan 'Konst'. De diskusje oer it brûken fan dy mytologyske beskriuwingen hat ek yn de rûnte fan 'Konst' in rol spile: de beide Leniges makken der in soad gebrûk fan, Rommertsz. en Menzonides wiene der gjin foarstanners fan. Oft dy ôfwizing te krijen hie mei de diskusje oer it neifolgingsprinsipe yn de achttjinde ieu of basearre wie op kristlike grûnen, is net alhiel dúdlik. Faaks spilen beide eleminten in rol: de measte leden fan 'Konst' kamen út in grifformeard of minniste fermidden, dat ek in ôfwizing op kristlike grûnen is goed foar te stellen. Jacob Sjoerds[30] skreau al yn 1769 in 'Samenspraak tussen een burger en een huysman [...]', dêr't de boarger yn seit net fan mytologyske fersiering te hâlden, omt dat net by it kristendom paste.

---

29. Neffens De Vries wie it sa dat froulju har 'in en gedeeltelijk dankzij letterkundige genootschappen ontwikkelden tot maatschappelijk geëngageerde schrijfsters, die zich in hun stofkeuze niet beperkten tot huiselijke onderwerpen.' (De Vries 1999, p. 188).
30. Jacob Sjoerds (1721-1793) wie belutsen by de Makkumer rûnte en hy kearde him yn 1770 tige tsjin it gebrûk fan mytologyske byldspraak (Breuker 2000, p. 22).

Yn elts gefal is ek hjir de ynfloed fan 'Konst' te sjen, want it tema hat Cynthia Lenige dúdlik ynspirearre ta it skriuwen fan ferskate satiryske gedichten.

Der bestiet minder wissichheid oer de fraach oft der oer it tema fan de taalsuverens binnen it genoatskip ek ferskil fan miening wie. It wie wol in ûnderwerp dêr't Lenige by 'Konst' mei konfrontearre waard, want it kommentaar dat by de fersen jûn waard, wie rjochte op de taal- en dichtregels. Of better sein op de taalregels, want yn de pear bewarre bleaune kommentaren sjogge wy benammen útstellen ta ferbettering op taalkundich mêd.[31] Al soene je wol sizze kinne dat de kommentaren mei har klam op grammatika en foaral stavering it wurk is fan 'lettervitters', ferskil fan miening op dat stik fan saken of dúdlike poëtikale opfettingen kinne út it bytsje materiaal dat bewarre bleaun is, net opmakke wurde. Wol docht bliken dat de Leniges (meastentiids tegearre) net folle opmerkingen makken. Wie dat om't se net folle op te merken hiene of om't se it minder wichtich fûnen? Dat lêste soe goed oanslute by it troch my ornearre stânpunt fan Cynthia Lenige oer dit tema: net al te folle klam op taalregels.

It boppesteande toant oan dat sawol heit Dirk Lenige as guon leden fan it Makkumer dichtgenoatskip net allinnich in praktyske, mar ek in ynhâldlike stimulâns foar Cynthia Lenige west hawwe. Kinne wy der dan noch wol fan útgean dat út de gedichten yn Hs 79 poëtikale opfettingen fan Cynthia Lenige sels nei foaren komme? Ta beslút fan dit artikel sil ik koart yngean op dy fraach.

Konklúzje

Ut it ûndersyk nei de poëtikale aspekten yn it iere wurk fan Cynthia Lenige docht bliken dat Lenige binnen de ferskate sjenres dy't se beöefenet in dúdlike foarkar hat foar it satiryske sjenre: 19 satiryske gedichten, wylst de oare sjenres mar mei heechút 9 fersen fertsjintwurdige binne. Dy 19 satiryske fersen behannelje benammen de twa tema's dy't yn de twadde helte fan de achttjinde ieu op 'e nij foar diskusje soargen: moasten de taal- en dichtkundige regels sekuer neifolge wurde of soe dat mar liede ta gedichten fan 'prulpoëten' en moasten de klassiken neifolge wurde sa as Vondel en oare dichters út de santjinde ieu dat mei harren idealistyske dichtkeunst diene?

31. Sjoch Breuker 2000, p. 114-116, 130-132, 138-139 foar foarbylden fan kommentaar by de gedichten.

Op it punt fan de taalsuverens bliuwt de literêre opfetting fan Cynthia Lenige wat ûnwis. Dochs kin op basis fan in tal satiryske fersen, de ferdigening fan bekritisearre dichters út de santjinde ieu en de foarmaspekten yn har eigen fersen oannommen wurde dat Lenige in nuansearre stânpunt ynnimt: se hat beswier tsjin in al te sekuere tapassing fan de taalregels.

Der binne oant no ta gjin oanwizingen dat Lenige dy opfetting fan oare dichters fan 'Konst' oernommen hat. In ûndersyk nei de poëtikale aspekten fan it wurk fan dy oare dichters soe miskien nije ynsichten oan 't ljocht bringe kinne.

By it tema fan de idealistyske dichtkeunst dêr't dichters yn ferheven Parnastaal fol mytologyske beskriuwingen harren ideeën yn ûnder wurden bringe, komt Cynthia Lenige har poëtikale opfetting fan folle dúdliker nei foaren. Sûnder mis is ek hjir de ynfloed fan heit Dirk Lenige en oare dichters fan it Makkumer genoatskip te fernimmen, mar it grutte tal satiryske fersen mei de mytologyske byldspraak as ûnderwerp, har eksplisite positive útspraken oer it brûken fan dy byldspraak én de tapassing dêrfan yn ferskate gedichten, ek yn de net-satiryske sjenres, litte der gjin twifel oer bestean dat se ek sels kiest foar dy idealistyske dichtkeunst. Dat yn de rûnte fan 'Konst' ek oare ideeën op dit mêd leefden, makket har kar nammenste dúdliker. Dochs soe ek op dit punt wiidweidiger ûndersyk nei de poëtikale aspekten yn it wurk fan de dichters fan 'Konst' nijsgjirrich wêze kinne.

Mar net allinne oer de literêre opfettingen fan de oare dichters fan 'Konst' is noch lang net alles dúdlik, ek oer it wurk fan Cynthia Lenige sels binne noch in soad fragen oerbleaun. Ik neam hjir allinne de fraach dy't oanslút by it ûndersyk nei har literêre opfettingen: binne de poëtikale stânpunten dy't yn Hs 79 nei foaren komme, ek te sjen yn de postúm printe bondel *Mengeldichten*? Mei oare wurden: hoe hat it dichterskip fan Cynthia Lenige him ûntjûn? It antwurd dêrop soe har poëtikale opfettingen wer yn in nij ljocht sette kinne.

Mar wat dêr ek útkomt, út har iere wurk docht yn elts gefal bliken dat Cynthia Lenige as jonge dichteres de stimulearjende omjouwing fan 'Konst' mei de noadige ambysje meinimt om har dichterskip foarm te jaan. Se mingt har eksplisyt yn de poëtikale diskusje en makket benammen yn har satiryske fersen dúdlik dat op dat stuit foar har de Parnas it 'dichtwekkend steil voor Neerlands besten' is.

Pelikaanstraat 18
8916 AE Ljouwert

BOARNEN

Mengeldichten van Cyntia Lenige Van haar Veertiende tot haar Zeventiende Jaar. Makkum 1772 (Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, sinj. Hs 79).

Eenige verzen van mijne Dochter Cynthia Lenige zijnde in haar vroegere Jeugd door haar gemaakt […]. Makkum ca. 1772 (Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, sinj. Hs 80).

Mengeldichten door K. Lenige. Makkum ca 1773-1780 (hânskrift yn partikulier besit).

Gelegenheidsverzen van de familie Lenige en andere Makkumer familiën uit het einde der 18e eeuw. Makkum ca. 1780 (Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, sinj. Hs 103).

Nederlandse gedichten/Jennige Aedfriesche rymkes yn mingelwurk […] Makkum ca. 1778-1797 (Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, sinj. Hs 1203).

LITERATUER

Akker, W.J. van den, *Een dichter schreit niet. Aspecten van M. Nijhoffs vers-externe poëtica*. Dl. 1. Utrecht s.j. 2 dln.

Boersma, U.J., 'Religieuze en andere poëzie van Cynthia Lenige, een vergeten dichteres uit de achttiende eeuw'. Yn: *Donum natalicium G.A. van Es.* Groningen 1954, p. 10-27.

Breuker, Ph.H., *Konst voedt 's menschen geluk. It Makkumer dichtgenoatskip (1773-1777).* Makkum 2000.

Frijhoff, W. en M. Spies, *1650 Bevochten Eendracht.* Den Haag 1999. Nederlandse cultuur in Europese context. Dl. 1.

Lenige, C., *Mengeldichten*. Amsterdam, W. Holtrop 1782. (Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum, sinj. C 17946).

Schenkeveld-van der Dussen, M.A. e.a. (red.), *Met en zonder Lauwerkrans: schrijvende vrouwen uit de vroeg-moderne tijd 1550-1850, van Anna Bijns tot Elise van Calcar.* Amsterdam 1997.

Schenkeveld-van der Dussen, M.A., 'Najaar 1649: Jan Six van Chandelier overnacht in Toulouse. Drie anti-idealistische dichters'. Yn: M.A. Schenkeveld-van der Dussen e.a. (red.), *Nederlandse literatuur, een geschiedenis.* 2e dr. Amsterdam/Antwerpen 1998, p. 255-260.

Strien, A. van, 'Letterpesten! Ellendige prulpoëten! Verwaande vitters! De poëtenoorlog (1713-1716)'. Yn: *Literatuur* 20 (2003) 2, p. 23-25.

Stronks, E., *Stichten of schitteren. De poëzie van zeventiende-eeuwse gereformeerde predikanten.* Houten 1996. Dissertaasje Universiteit Utert.

Vondel, J. van den, *Aenleidinge ter Nederduitsche dichtkunste.* Uitgegeven en toegelicht door een werkgroep van Utrechtse neerlandici. Ruigh-bewerp 6. Utrecht, 1977 (oarspronklik 1650).

Vries, M. de, 'Dichten is zilver, zwijgen is goud. Vrouwen in letterkundige genootschappen, 1772-1800'. Yn: *De Achttiende Eeuw* 31 (1999) 2, p. 187-213.

Vries, M. de, *Beschaven. Letterkundige genootschappen in Nederland 1750-1800.* Nijmegen 2001. Dissertaasje Universiteit Utert.

Winkel, J. te, *De ontwikkelingsgang der Nederlandsche letterkunde*. Dl. 5, 2e dr. Utrecht/Leeuwarden 1973.

Witsen Geysbeek, P.G., *Biographisch, anthologisch en critisch woordenboek der Nederduitsche dichters.* Dl. 4. Amsterdam 1823.

Wumkes, G.A., 'In brief fen D. Lenige'. Yn: *Sljucht en Rjucht* 31 (1927), p. 246-248 [= Wumkes, *Paden I*, 450-453].

Wumkes, G.A., 'Inkelde Fryske rimen fen K. Lenige'. Yn: *Sljucht en Rjucht* 31 (1927), p. 292-295 [= Wumkes, *Paden I*, 454-462].

Wumkes, G.A., *Paden fen Fryslân, samle opstellen: I, oant 1800.* Boalsert 1932.